

Te let en te ier
ha beide
gjin tier

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



Vuelta

Mantgumer fysiotherapeut Kevin Spithorst mocht in keuken van wiewerploeg Sunweb kijken

pagina 3>



Ringrijden

Met meer deelnemers dan in voorgaande jaren was Donia's Ringrijderij in Wommels geslaagd

pagina 13>



Café

Een ontmoetingsplek voor senioren met smartphone en tablet in bibliotheek Wommels

pagina 13>

Grutte oanrin fan frijwilligers soarge foar romte op de begrutting De Lytse Fjouwere yn Itens kin wer jierren foarút



Tidens it iepeningsfeest wie der in belangrike rol foar it trombone-orkest, dat ûnder lieding fan Mr. pBone út Eindhoven foar ien kear in optreden fersoarge.

Itens - In prachtich stikje mienskipssin. Doe't der frijwilligers nedich wiene om by de ferbou fan it doarpshûs De Lytse Fjouwere yn Itens de hannen út 'e mouwe te stekken wie der safolle flecht op 'e koai dat der jild op de begrutting frij makke wurde koe foar oare saken. It doarpshûs is noch moaier wurden dan it stiftingsbestjoer earder foar eagen stie. „Wy kinne wer jierren foarút”, seit stiftingsfoarsitter Berend de Leeuw út Itens

Troch Hinne Bokma

Op sneon 23 septimber waard it opknapt doarpshûs offisjeel iepene troch boargemaster Johanneke Liemburg fan Littenseradiel. Dêrmei waard in projekt ôfsletten, dat in jier as fjouwer lyn útein setten is. Der waard doe in plan makke en foar finansjele stipe en der waard kontakt socht mei it gemeentebestjoer fan Littenseradiel. De gemeenterie gong akkoart mei it útstel fan boargemaster en wethalders om 37.500 euro beskikber te stellen. De provinsje kaam mei itselde bedrach oer de

brêge en mei jild fan ferskate fûnsen kaam der meïnoar 120.000 euro oan subsydzje beskikber foar de ferbou. Sels lei de doarpshûsstichting 50.000 euro op tafel, sadat der yn totaal foar de ferbou fan it doarpshûs 170.000 euro beskikber wie.

Oannimmer

Foar de útfiering wie de yn-rjochtingskommisje der fan út gongen dat it wurk folslein troch in oannimmer útfierd waard, frijwilligerswurk wie net yn de begrutting opnaam. „Op in stuit wiene der fyftjin frijwilligers oan it wurk. Dat joech romte op de begrutting”, sa fertelt foarsitter Berend de Leeuw fan it doarpshûs. Yn goed oerlis mei oannimmer Jan Tjalling de Boer út Tersoal gongen de frijwilligers oan de slach.

Yn it kafee is de flier fernijd, binne de muorren oan de binnenkant en de solder isolearre. De yngong is fernijd, besikers geane tenei troch in isolaasjeslûs. As eartiids de bûtendoar iepen gong, dan waarden de gasten oan de bar trakteeare op in flinke poarsje kâlde lucht. Fierders is de keuken fernijd

en binne de toiletten opknapt. De eardere trochgong nei it wenhûs neist it doarpshûs is ôfsletten. Yn de seal fan it doarpshûs, dat yn 1982 boud is, is ûnder oare de ferljochting en lûdsynstallaasje fernijd en alles op 'e nij ferve. „Dan is it wurk klear en komme de earste liken út de kast”, fertelt De Leeuw. „Sa kaam oan it ljocht dat de koepe yn it doarpshûs wetter troch lit en dat it by de garderobe lekt.” „Wy binne finansjeel wol aardich sún. Alle jierren krige it doarpshûs subsydzje fan de gemeente Littenseradiel”, stelt foarsitter. „Der is

gjin behearder, wy wurkje folslein mei frijwilligers en ha gjin persoonskosten.” Op it stuit binne der sa'n 35 frijwilligers, dy't it doarpshûs draaiende hâlde.

It doarpshûs wurdt in protte brûkt. De toanielspilers, de yogaklub, de darters, biljarters, sjongers en kaarters meitsje der gebrûk fan. Dan binne der noch de aktiviteiten van Fjouwer Doarpen Docht (FDD) en de feestjes en partijen. De lêsten allinne foar minsken, dy't op de ien of oare wize in relaasje ha mei ien fan de fjouwer doarpen.

Marco Hoekstra út Easterein direkteur fan keatsbûn KNKB

Easterein - Marco Hoekstra (41) út Easterein is benamd ta direkteur van de Koninklijke Nederlandse Kaatsbond. Hy folget Geert Faber op, dy't mei pensjoen giet.

Marco Hoekstra is op it stuit noch wurksam as beliedsadviseur by de Bond Friese VogelWachten. Hy is dêr ek ferantwurdlik foar de wurksamheden op it bûnsburo fan de BFVW. Hy is haadtrainer by fuotbalferiening SDS en is in grut keatsleafhawwer. Yn 1993 wûn er foar Easterein in twadde priis op de Freule yn Wommels. Ek hat er ferskate kearen as coach fan een partuer fan de keatsferiening Easterein in priis wûn. Marco begjint op 1 januari 2018 mei syn wurk by de KNKB.

twitter

Volg Op 'e Skille via Twitter @hinnebokma

Oktober
slaapmaand...

VAN DER VELDE
SLAAPCOMFORT | MODE | TEXTIEL

TSJERKEBUORREN 16-8831 XH WINSUM (FR), TEL. 0517 341 268
WWW.UWVSLAAPSPECIALIST.NL | PARKEREN VOOR DE DEUR | VRIJDAG KOOPVOORD

Tel: 0515 - 413372

ALLICHT

Verlichting • Lichtadvies
Onderdelen • Elektronica

www.allichtverlichting.nl
www.allichtelektro.nl

Oudkerkhof 6 - 8501 EE - Sneek



Timmer- & Aannemersbedrijf

van Ruiten

OOK STALLING MOGELIJK

INFO@AANNEMERVANRUITEN.NL • 06 - 24 629 763 • WOMMELS

Al 20 jaar uw
haar onze zorg

't Kappershûs

www.kappershuis.nl